

# FRYSKE AKADEMY

## Genealogysk Wurkferbân

### Ferslach fan de gearkomste fan 11 maart 2017

Mei Schepperle en Koopmans behindere wiene der 38 oanwêzigen op de mienskiplike gearkomste mei NGV afdeling Friesland. Der wurdt efkes stilstien by it hinnegean fan Jurjen de Boer fan Smilde.

Dick Bunskoeke, bestjoerslid fan de stichting molendocumentatie en argivaris fan Drint en Grins, wie berne yn Edam mar hy groeide op yn Fryslân en hat yn de famyljes Greydanus en Vos ek fryske foarâlden. In eksposysje yn it Hannemahûs yn 2014 oer de Harnser mûnen wie oanlieding ta fierdere stúdzje dêrfan mei sprekkers boek 'molens, mensen, bedrijven' as risseltaat. Earder hie Tjerk Severijn der ek al oer skreaun mar syn boek wie net basearre op argyfûndersyk en wie dus net alhiel folslein en akkuraat.

Mei boarnen fanút de stêd wei (op gemeenteargyf en Tresoar) en algemienere boarnen sa as kranten mar ek it provinsjaal argyf komme de feiten oan it ljocht. Ek genealogy is ûnmisber om dêryn ferbân te lizzen. Harns spilet wol in bysûndere rol yn dy skiednis: de earste oalje-, papier- en ek houtseachmûnes fan Fryslân wiene dêr stichte. Yn dy stêd holden menisten ta dy't ynvestearje koene en ek luts de stêd wol Flamingen oan mei erfaring op dit gebiet. De houtseachmûne is basearre op in krukas. Itselde jier, 1616, dat yn Oegstgeest it oktroai dêrop ôfrûn wie, waard de earste yn Harns boud. Trije oaljemûnen waarden yn 1735 foar in slompe jild ferkocht en neffens in âlde kaart stiene dy njonken mekoar, kreas op in rige en sa hie S.J. van der Molen it yn 1952 ek begrepen. Under oare troch prosesstikken fan it Hof koe de feitlike situaasje rekonstruearre wurde. De âldste, meast westlike, út 1691 hjitte de Harnser oaljemûne en in oare op dy rige waard de Ljouwerter oaljemûne neamd. Wêrom? It hat bliken dien dat dy koart nei 1716 troch in widdo fan Ljouwert dêrhinne ferpleatst wie. De tredde, de Snitzer oaljemûne, stie in stik noardliker en ek dy namme is ferklearre. Dy mûne, of op syn minst it binnenwurk, waard koart nei 1732 fanút Snits wei dêrhinne ferpleatst, troch de soan fan neamde widdo. Ek fan de noardermûne, blokhústermûne en de papiermûne fan de Flaming Du Bois is aardich mear oan it ljocht kaam. Al mei al hat sprekker 35 mûnes te plak krigen.

It binne Rincke en Schelte Taedses, soannen fan Beyts Taedses, út de omkriten fan Warkum en harren neikommelingen dy't ieuwen lang anneks wiene mei de Harnser houtseachmûnen. Troch de mûne by it 'Beytse gat' kamen hja út op de famyljenamme Beitschat. Sûnt mids 18de ieu is it de famylje Wyga, neikommelingen fan Enne Ykes fan Allingawier en syn soannen Yke, Cornelis en Enne, dy't de Harnser roggemûnen yn behear hiene. Sprekker hat net allinnich harren mûnen mar ek harren famyljes skerp yn kaart brocht. It aardige fan sok ûndersyk is datst nei ôfrin it gefoel krije kinst datst it dan ek in bytsje begjinst te snappen. Mei in tankwurd oan sprekker slute de foarsitter tsjin fjouweren de gearkomste.

Ype Brouwers